

| | |
|----------------------------|---|
| Namme: | Datum: |
| Ik siet yn in groepke mei: | |
| Us oerlis gie oer: | Taal of talen dêr't wy yn oerlein hawwe: <input type="checkbox"/> Nederlânsk <input type="checkbox"/> Frysk <input type="checkbox"/> English <input type="checkbox"/> |

WAT DEED DE GROEP?

SJENRE-SKAAIMERKEN

- Wie it oerlis in echt oerlis?



1 We hawwe net ôfpraat wat it ûnderwerp wie.

Oan it begjin hawwe we dúdlik ôfpraat wat it ûnderwerp wie.

2 Ien learling hie ideeën en foarstellen.

Elkenien hie ideeën en foarstellen.

3 We reagearren net op ideeën en foarstellen fan inoar.

Elkenien reagearre op elkoars ideeën en foarstellen (bygelyks troch beprate, oanfolje, trochfreegje).

4 Ien of twa learlingen wiene hieltyd oan it wurd, de oaren net.

We wiene allegearre sawat likefaak oan it wurd.

5 Net ien soarge der foar dat it oerlis goed ferrûn.

We soargen allegearre dat it oerlis goed ferrûn.

6 Oan de ein hiene we gjin dúdlike ôfspraken.

Ut ús oerlis kamen dúdlike ôfspraken.

7 Net ien hat oantekeningen makke.

Ien learling (of mear) hat oantekeningen makke.

8 We praten sawat de hiele tiid oer oare dingen as ús ûnderwerp.

We bleaune ûnder it hiele oerlis goed by it ûnderwerp.

WAT DIE IK?

SJENRE-KENMERKEN

- Wie it oerlis in echt oerlis?



1 Ik gie faak oer oare dingen as ús ûnderwerp praten.



Ik bleau de hiele tiid by it ûnderwerp.



2 Ik haw gjin ideeën of foarstellen neamd.

Ik neamde in soad ideeën en foarstellen.

3 Ik reagearre net op ideeën en foarstellen fan oare learlingen.

Ik reagearre regelmjittich op ideeën en foarstellen fan oare learlingen.

TAALGEBRUK en KONTAKT

- Hoe kommunisearre ik mei de oaren?



1 Ik seach net faak nei de oaren.



Ik makke faak en echt eachkontakt mei de oaren.



2 Ik hie gjin aktive harkhâlding.

Ik hie in aktive harkhâlding (knikke, humme, lichemshâlding ensf).

3 Ik prate net dúdlik en wat sêft.

Ik prate lûd en dúdlik.

4 Myn toan wie hieltyd itselde.


Myn toan wie libben.

5 Ik liet in protte stiltes falle.

Ik prate maklik troch.


6 Ik prate troch in oaren hinne om de beurt te krijen.

Ik naam op passende manieren it wurd.



6 Ik haw wurden en sinnen
brûkt dy't myn
groepsgenoaten net snapten.

Ik haw wurden en sinnen
brûkt dy't groepsgenoaten
goed begripe.



7 Ik kaam net goed út myn
wurden en makke in protte
taalflaters.

Ik kaam goed út myn wurden
en makke net folle taalflaters.

In sterk punt fan myn rol yn it oerlis is:

.....

As ik wer in **oerlis** haw, sil ik better tinke om dizze sjenre-kenmerken:

.....

As ik wer in gesprek haw, sil ik yn myn **taalgebrûk** better tinke om:

.....